

Beste dorpsgenoten,

In foto fan de "koekoeksblom" mei har moaie felroze kleur yn doarpskrante "de Koekoek", makke oan "de Koekoekswei" flakby wenwinkel "de Koekoek" yn Sumar.

Dizze blom seagen wy stean tidens in kuierke op in moaie simmerske dei yn maaie. Sy stean dan yn boskjes oan de râne fan de sleat en falle op troch de moaie roze kleur fan de blommen dy't oerdei hielendal iepenstean. Sy neame dizze blommen dan ek wol dei-koekoeksblommen. Der binne nammentlik ek jûn- en nacht koekoeksblommen, dy stean dan jûns en nachts iepen.

No tinke jim miskien dat ik sa'n ferstân fan blommen ha, mar dat is net it gefal hear! Wy brûke dan de app fan Google op ús tillefoan en meitsje mei dy app in foto fan it blomke as wat dan ek mar. En dan krije jo alle ynformaasje oer it ûnderwerp wer't in foto fan makke hast. It is werkelijk hiel aardich om dit ûnderweis te dwaan.

En "it koekoeksblomke" makket de omjowing fleurich troch de moaie kleuren. Belangryk om sokke dingen om dy hinne te sjen yn dizze drege tiden.

Wy hoopje dat doarpskrante "de Koekoek" jim ek dizze kear wer wat fleur bringe sil.

Maaïke



NIEUWS VAN DORPSHUIS DE KAMP*Ids Krol*

Zoals u in deze Koekoek kunt lezen willen de volleyballers 'overzomeren'. Op dinsdagavond slaan zij een balletje achter de Kamp.

Biljarters of liefhebbers van een spelletje kunnen dan ook in de Kamp terecht.

Ook proberen we op dinsdagmiddag activiteiten te organiseren voor jong en oud, alleen geef wel even door of u/je mee wilt doen.

Dat kan middels een telefoontje naar:

Frouwina (06-10287632) of Ids (06-39652458).

FAMTOFAM*Actiegroep Famtofam*

Voor Stichting FamtoFam gaan we zaterdagochtend 18 juni van 9 tot 12 uur weer met een enthousiast team auto's wassen....

Plaats: parkeerplaats bij de Moeting.

Tarieven:

€ 7,50 per auto wassen buitenkant.

€ 5,00 per auto zuigen binnenkant.

€ 10,00 per busje wassen buitenkant.

Yn de kunde komme mei de soarchmeiwurkers fan deibesteding 'De Buorkerij' Mienskerwei 6 yn Sumar



Sûnt 17 jannewaris fan dit jier is der by Willem en Hilly van der Heide oan de Mienskerwei in soad feroare. De Pleats wer't de âlden fan Hilly, Eelke en Sytske Hoekstra eartiids in buorkerij mei melkkij hienen, is omtovere ta in soarchbuorkerij.

Nijsgjirrich, dus tiid om dêr ris efkes om it hoekje te sjen.

En dat soks net 1,2,3 foarelkoar is, ha ik wol begrepen út it ferhaal fan Willem en Hilly wer't ik in noflik petearke mei hân ha.

It hie wolris earder troch Hilly har holle spoeke om wat mei de loopstâl te dwaan doe't sy it beslút nommen hienen om gjin kij mear te melken.

YN 'E KUNDE KOMME MEI

Maaike Kingma

En omt sy fan hûs út ferpleechkundige is yn it sikehûs Nij Smellinghe yn Drachten, begûn sy nei te tinken oer in soarchbuorkerij. Wat soe it in moai plak wêze foar minsken dy't om wat foar reden dan ek deis wat begelieding en ûndersteuning nedich ha. De romte fan it fjild, de keallen, kij, hinnen, hynders, alpaca's en kninen om dy hinne: in gaadlik plak foar minsken dy't wat yn de lytse loege sitte en deis de sinnen wat fersette kinne.

Neidat Hilly hjir en dêr wat ynformaasje ynwûn hie, krige sy it advys om ûnder lieding fan in soarch-advys buro in Kwaliteitshânboek op te stellen. Hjiryn lizze jo fêst wat jo fan doel binne en op hokker wize jo dat dwaan wolle. Dit is ien fan de eisen dy't de gemeente stelt om as soarch oanbieder "los" te meien. Stadichoan waard it plan dúdliker en ûndertusken begûn Willem mei it ferbouwen fan de loopstâl.

Sa'n 1 1/2 jier binne sy hjirmei dwaande west mei in "dreamtiim" om harren hinne. 'Want sûnder help fan dizze minsken om ús hinne, hie it ús net slagge' sizze Willem en Hilly allebeide. Der wie in soad administraasje, der moast ferboud wurde, alles yn de ferve en net te ferjitten de kontakten mei allegear offisjele ynstânsjes.

Wolkom yn de wrâld fan de soarch!

As min in soarchbuorkerij begjinne wol is feiligens fanselts hiel wichtich. Hilly is wol bekend mei EHBO en reanimaasje, mar dat makke ek dat Willem de BHV kursus folgje moast (Bedriuwshelpferliening).

Doe't alles in bytsje yn kennen en krûken wie, koe Hilly op syk nei minsken want dat wie de misje fan Willem en Hilly:

*Minsken op harren hiem it gefoel jaan
dat sy wolkom binne
en dat sy wer in doel ha yn har libben.*



En sûnt 17 januari binne sy los op soarchbuorkerij 'De Buorkerij'. De minsken dy't dêr komme binne tusken de 18 en 100 jier en ha ferskillende soarchfragen. Fia it gebietsteam fan de gemeenten kin sa'n fraach foar deibesteding by Hilly komme. De minsken komme dan earst om efkes te sjen en yn de kunde mei elkoar te kommen. As it gefoel fan beide kanten posityf is, wurdt de oanfraach fierder yn gong setten en dêrnei giet Hilly dan nei de minsken thús foar in yntake petear.

Minsken kinne oanjaan wat sy ferwachtsje fan de deibesteding en hoefolle deidielen sy komme wolle. Der komme no yn de wike 6 minsken. En sy kinne op de skitterende lokaasje wat 'de Buorkerij' wurden is in hiel soad dingen dwaan. Willem giet mei de minsken nei it fee, sy fersoargje it fee, meitsje hokken as gean te kuierjen mei de hûn Foppe. It hiem wurdt ûnderhâlden want Willem hat in konstruksje makke sadat ien mei in rolstoel it hiem oanfeie kin.

YN 'E KUNDE KOMME MEI

Maaïke Kingma

Der is in griente- en fruttún, min kin te kuierjen en te fytsen en der binne moaie plakjes om bûtendoar te sitten. Fanselts is der ek plak foar knutseljen, blomskikken en handwurkjen (it breidzjen moat Hilly noch wat leare). En sa komme der hieltyd mear aktiviteiten by, it is mar krekt wat de fraach is.

Bewege, Bûten en Bisten binne de spearpunten.

Willem en Hilly krije help fan 4 frijwilligers en binne fan moandei oant tongersdei iepen. Op freed is Hilly dan noch ien dei oan it wurk by Nij Smellinghe, har âlde wurkjour.

De nije útdaging fan Willem en Hilly begjint hieltyd mear foarm te krijen en ek dochter Sygrid hat der aardichheid oan. Der sille yn it koart fêst mear minsken komme dy't dit prachtich moaie plak fine sille oan de Mienskerwei yn Sumar.

Wat in moai en dapper inisjatyf Willem en Hilly, yn Sumar ha wy der in prachtig bedriuw by krigen.

Tige tank foar dit petear en wy winskje jim in hiel soad sukses mei jim nije útdaging.



NIEUWS VAN DE SPORTVERENIGING*Akke Hiemstra*

Wat heerlijk om zonder maatregelen samen te sporten. Sinds januari dit jaar hebben de groepen weer kunnen sporten.

Lekker bewegen, je hoofd leeg maken, sociale contacten onderhouden; heel veel positieve energie!!



Erg jammer dat het sportseizoen bijna afgelopen is voor de heren en dames volleybalteams. Maar hier hebben we iets op bedacht. Dit leest u ook in het stukje 'Sporten in de buitenlucht'.

De gymnastiek gaat door tot de zomervakantie! Wilt u /je een keertje met uw/je zoon/dochter en mee gymmen, dan zijn jullie van harte welkom. Er komt ook nog een stuif-in gymles voor de zomervakantie. Houd hier voor de sociale media in de gaten.

Eerst nog de laatste update van ons bestuur:

Voorzitter	Aly Hoekstra
Penningmeester	Roy Lykelema
Secretariaat	Mariëlle Haveman Rinnie Veenstra Akke Hiemstra
Algemeen bestuurslid/contactpersoon gymnastiek	Minke van der Meer

NIEUWS VAN DE SPORTVERENIGING *vervolg* Akke Hiemstra**Sporten in de buitenlucht:**

De sportvereniging denkt mee met het sportieve onderdeel in het plan van Stichting Doarpsbelangen Sumar en dorps huis De Kamp: de dorpskern/het dorpsplein vernieuwen om het verbinden van Sumarders te stimuleren. Na een periode van veel thuis zijn en voorzichtigheid in het zoeken van de sociale contacten, moeten we weer wennen aan het deelnemen aan activiteiten. Om te voorkomen dat het dorps huis en de sportzaal door de gemeente afgeschreven worden, moeten we als dorp een actief beeld laten zien: gevarieerde activiteiten voor iedereen. En wat vooral belangrijk is dat deze activiteiten door jullie allemaal bezocht worden.

Om het verbinden van Sumarders alvast op te pakken hebben Stichting Doarpsbelangen Sumar, het dorps huis De Kamp en de sportvereniging samen het volgende opgezet:

Elke dinsdagavond van juni t/m augustus is er de mogelijkheid een potje te volleyballen achter het dorps huis op het gras.

Onze volleyballers gaan hier zoveel mogelijk gebruik van maken. Iedereen is welkom om aan te sluiten!!! Deelname is op eigen risico.

En wat helemaal geweldig is: Het dorps huis De Kamp is vanaf nu ook open vanaf 19.00 uur. U/je kunt binnen lopen voor een kopje koffie/thee, een drankje van/aan de bar, biljarten, in de bibliotheek rondneuzen, kaarten, een bordspel spelen, even bijkletsen...

Oant sjen in onze dorpskern!

VAN DE REDACTIE

OPROEP BEZORGER DORPSKRANT

Onze vaste bezorger, Aaltje van Dellen, heeft aangegeven te willen stoppen met de bezorging van de Koekoek.

We bedanken Aaltje, en ook andere leden van de familie Van Dellen, voor de inzet gedurende de afgelopen 7 Jaar.

Heel fijn dat jullie dit wilden doen!!

Maar de Koekoek moet ook in juli en daarna bezorgd worden natuurlijk!

Wie heeft belangstelling om tegen een vergoeding 11 x per jaar onze dorpskrant huis-aan-huis te bezorgen???

Voor meer informatie kan contact opgenomen worden met Nieske Vonk, 06 13880541



BEDANKT

De penningmeester heeft een gift van € 25,=
ontvangen voor de dorpskrant
Heel hartelijk bedankt!!

Wolkom oan de nije ynwenners fan Sumar oan de
Hearrewei 1.
Foar in soad Sumarders better bekend as: café de Harste



Wat is jim namme:

Teake van der Velde en Jeannette van der Velde mei harren dochter
Marscha en harren soan Pierre

Wat is jim leeftiid:

Teake is krekt 50 jier wurde en Jeannette is 48 jier.
Marscha is 20 jier en Pierre 17 jier

Wat dogge jim oerdei:

Teake hat hast 30 jier ferlyn it bedriuw fan syn heit (Pierre van der Velde) oernaam en rydt no op syn eigen frachtauto. Meastal rydt hy mei âld papier troch hiel Fryslân. Jûns en wykeins is Teake thús.

Jeannette hat eartiids de MDGO-VZ dien, mar is doe net yn de soarch terjochte kaam. Sy foun in baantsje by Phillips en is dêr hingjen bleaun oant sy swanger wie. Doe't de jongste in jier wie is sy by de Thússoarch oan it wurk gien as Alpha help en sûnt maart fan dit jier koe sy foar 20 oeren oan de slach as voedings-assistente yn Bertilla yn Drachten.

Marscha hat de oplieding MBO-V Verpleegkunde dien en is no oan it wurk as verpleegkundige op "Zorglandgoed Laagduurswoude" yn Makkingea. Hjir wenje minsken mei 'niet aangeboren hersenletsel' as in lichte beheining.

Pierre docht de opleiding foar automonteur op 'it Friesland College' yn it Hearrenfean.

Wat hat jim yn Sumar brocht:

24 jier ferlyn binne Teake en Jeannette tegearre wenjen gien yn de Tike.

Teake kaam fan Drachten en Jeannette fan de Wylgen. Der stie in húske te hier yn de Tike en allebeide wisten sy eigenliks net folle fan dat doarp.

Dochs ha sy 24 jier tige nei it sin wenne op de Tike. Mar sy woenen wolris wat keapje en hienen ek alris in stikje groun kocht. Mar Teake hie it ek wolris oer 'de Harste' hân. In moai grut hús mei in hok en ek noch in moai parkearterrein der by foar syn frachtauto en de frachtwein foar de crossauto's. Jeannette moast der efkes oer prakkesearre, mar yn febrewaris 2022 wie de Harste ferkocht en yn maart wennen Teake en Jeannette der yn. Sy wenje earst boppe wer alles goed foar elkoar is en meitsje no plannen om it café te ferbouwen ta wenromte. It sil noch in hiel projekt wurde neffers Teake en Jeannette, mar sy ha der sin oan.

Wat binne jim hobby's:

By de famylje van der Velde ha sy alle fjouwer in grutte passie en dat is de Autocross. Pierre van der Velde, de heit fan Teake en pake fan Marscha en Pierre, hat jierren meidien oan de autocross fan Sumar en hy hat elkenien dêrmei besmet. Teake hat altyd meidien oan de cross en it kommende jier dogge Marscha en Pierre (jr) allebeide mei, dit jier komme sy foar it earst út foar Sumar. Dat hâldt fanselts yn dat sy altyd mei de auto's oan it sleuteljen binne yn it hok. Jeannette mei graach wat sneupe, winkelje, sierd graach iten en giet fanselts graach mei nei de autocross. Teake en Jeannette meie graach in jûntsje op stap gean nei it doarpshûs. De iene kear linksôf nei de Tike en tenei de oare kear rjochtsôf nei de Kamp. Pierre is faaks te finen yn de lytse keet op de Tike en Marscha hat in freon.



Teake en Jeannette van der Velde

Wat is jim earste yndruk:

Teake fielt him fuort wol thús oan de Hearrewei. Jeannette foun it wol wat spannend om út de Tike wei te gean , mar dat is har tafallen. Wy sitte mooi yn it midden fan de Tike en Sumar. Ik kin beide kanten út. Marscha en Pierre ha it goed nei it sin. Doe't Teake 50 jier waard is it café brûkt foar it feest en dat hat bêst foldien. Salang as it noch net ferboud is, kinne wy der noch wol in feestje hâlde.

Wat misse jim yn Sumar:

Wy misse neat yn Sumar want wy binne it wol went om ergens oars de boadskippen te heljen. Wy kinne wol wat minsken en besykje ús der wat by te jaan. Yn de Koekoek stiet wol wat der te belibjen is yn Sumar.

Wy sille jim yn it koart fêst sjen by in feestje yn Symar.

Teake, Jeannette, Marscha en Pierre, tige tank foar jim hertelik ûntfangst en wy winskje jim in soad sukses ta mei 'jim projekt' en in soad wenwille yn "de Harste".



Soan Pierre en dochter Marscha van der Velde



Terugblik Koningsdag 2022

Wat een feest! Het feestterrein kleurde Rood/Wit/Blauw en Oranje en vele dorpsgenoten kwamen al snel kijken bij het fanatieke kampioenschap Aaigooien.

De aaien vlogen vliegensvlug door de lucht en sommige maakten een grote omweg door het publiek. Er werden ook veel aaien goed gevangen en zo streden de duo's verder tot de finale. De jeugd vermaakte zich ondertussen prima op de springkussens en bij de knutseltafel was het een gezellig samenkomen van kinderen, ouders en pake's en beppe's.

Uitslag aaigooien:

Categorie 9-11 jaar: Teade en Hidde van der Meulen

Categorie 12+ Gea en Jamie

Categorie 15+ Klaas en Hylke Buma

In Dorpshuis de Kamp bleef het nog lang gezellig! De beentjes kwamen van de vloer met de prachtige jaren 60 en 70 muziek van Las Bandidas en de kinderen vermaakten zich wederom prima op de springkussens die naar de grote zaal waren verplaatst. Iedereen bedankt voor de gezelligheid en tot ziens op kleintje dorpsfeest!

Kleintje dorpsfeest 2022

Jazeker, we zijn er weer klaar voor, de laatste puntjes worden op de spreekwoordelijke i gezet maar dan gaan we ook los op vrijdag 10 juni en zaterdag 11 juni met het dorpsfeest Sumar! Wel onder de noemer 'kleintje' maar het feest zal er niet minder om zijn. Wij als Oranjevereniging Sumar hebben ook lang genoeg 'stil' gezeten en willen deze editie dan ook daadwerkelijk onze handen laten wapperen.

Deze keer zal het ook oranje kleuren achter de bar want de catering doen wij dit keer zelf, samen met de vele vrijwilligers die zich al hebben aangeboden.

Vrijdagavond 10 juni vanaf 20.00 uur is iedereen welkom in de tent op het vertrouwde feestterrein achter Dorpshuis de Kamp. Onder het genot van een hapje en een drankje kan iedereen weer bijpraten en kunnen de heupen los gemaakt worden op de muziek van DJ Anco.

Zaterdagochtend 11 juni om 8.45 uur zijn we er weer vroeg bij voor een super snelle race per trekker of skelter. De stoere jongens en meiden uit basisschoolgroep 1 en 2 strijden tegen elkaar op de trekker en voor de echte snelheidsduivels uit de groepen 3 t/m 8 staan de skelters dan al klaar op de baan. Opgave voor dit spektakel kan via Facebook of via ovsumar@gmail.com. Opgeven kan t/m woensdag 8 juni.

De oudere jeugd en iedereen t/m 100 jaar kan iets langer uitslapen maar dan gaan we om 09.45 uur beginnen met het sportieve spel '**Levend tafelfootbal**'. In teams van 5 personen wordt er tegen elkaar gestreden. De regels zijn dat in ieder team 2 vrouwen meespelen en het dragen van sportschoenen verplicht is. Sumar is natuurlijk een echt voetbaldorp dus we verwachten dat er vele teams zich zullen opgeven, dit kan per buurtteam, vriendenteam of familieteam. Opgave kan ook via Facebook of via ovsumar@gmail.com. Ook hier geldt opgeven kan t/m woensdag 8 juni.

Het traditionele **Matinee** kan natuurlijk niet ontbreken en na al deze sportieve bezigheden zijn we ook wel weer toe aan een hapje en een drankje. Niemand minder dan de feestzanger Gaatze Bosma start zijn feestrepertoire in de tent, op het terras of misschien wel achter de bar.. want hij is overal te vinden met zijn microfoon. Het dak gaat eraf! Beide dagen gratis entree! Nu nog hopen dat de weergoden ons goed gezind zijn!

Gratis
entree

Oranjevereniging Sumar
PRESENTEERT

KLEINTJE DORPSFEEST

Vr 10 & Zat 11 juni



DJ ANKO



GAATZE BOSMA

MATINEE OP ZATERDAG

Vr. 10 juni: 20.00 uur DJ ANKO

Zat. 11 juni:

08.45 uur trekker en skelter-race

09.45 uur levend tafelvoetbal

12.00 uur Matinee met Gaatze Bosma

4 MEI HERDENKING 2022 IN SUMAR*Binne Kramer*

Het kan bijna geen toeval zijn, maar bijna altijd is het op 4 mei prachtig weer. Alsof de weergoden beseffen dat dit een heel bijzondere datum is en dat daar, mede vanwege het 'buitengebeuren', goed weer bij hoort. Koud is het meestal wel, maar 'dêr kinne jo je op klaaie net wier'. En laten we eerlijk zijn, een dergelijke gebeurtenis, een jaarlijkse dodenherdenking, leent zich eigenlijk ook niet voor een korte broek en een t-shirt. Deze 4^{de} mei was voor Sumar een bijzondere, want niemand minder dan CdK Arno Brok kwam op bezoek en dat geeft toch een apart tintje aan zo'n 'betinking'. Hij geeft er, zou je kunnen zeggen, extra cachet aan. En hij kan dat, hij heeft er de uitstraling voor, hij heeft personality, 'at hy foar de microfoan stean giet, dan stiet der immen'.

Ik vind het altijd een genoegen om naar echte professionals te kijken en te luisteren, en deze CdK is een echte prof. Ik heb de tijd van Hans Wiegel nog meegemaakt en dat was een totaal andere persoon, maar hij was net als Arno Brok een echte professional.



Traditie

Tradities zijn er om gekoesterd te worden en deze dodenherdenking, ‘de betinking’ in geef Frysk, is een van die tradities. En in Sumar wordt die elk jaar gekoesterd, al hebben we twee wel erg magere edities gehad vanwege de bekende redenen.

Dit jaar mocht het weer en dus was een substantieel deel van de inwoners zoals

gebruikelijk komen opdagen. Wat mij al een paar jaar opvalt, ik heb inmiddels enkele tientallen ‘betinkingen’ achter de rug, is dat de belangstelling elk jaar toeneemt, de corona-edities daargelaten. En elke keer ben ik blij dat het aantal kinderen steeds groter wordt, want op zo’n avond krijgen wij en zij een stukje geschiedenis voorgeschoteld op een wijze waar geen methode in school tegenop kan.

Geschiedenis is in mijn optiek het vertellen van verhalen, en gelukkig



kunnen veel leerkrachten prima vertellen. Ik verkeer in de gelukkige omstandigheid dat ik op de Burgumer mavo, de ulo heette die toen nog, geschiedenisles heb gehad van mevrouw Valk, ze was niet getrouwd en dus werd ze toen nog, de jaren vijftig en zestig, juffrouw genoemd.

4 MEI HERDENKING 2022 IN SUMAR *ferfolch* *Binne Kramer*

En zij kon prachtig vertellen en dat niet alleen, ze kon kinderen interesseren voor geschiedenis en van haar heb ik ontzettend veel geleerd. Ik ging gewoontegetrouw bij vrijwel alle lessen altijd achter in de klas zitten, maar bij geschiedenis zat ik altijd op de voorste bank, om maar geen woord te missen. Ik had op het examen, in Zalen Schaaf in Leeuwarder was dat, een tien op geschiedenis en eigenlijk, denk ik wel eens, was dat de verdienste van juf Valk.



Ik heb later, toen ik zelf voor de klas stond, ook nooit een geschiedenismethode gebruikt, ik vertelde, ik praatte met de kinderen en uiteraard ging dat ook over die melkbus die op het minipleintje voor het schoolplein staat. Nu sta ik al decennialang ‘in de coulissen’ met mijn camera om de plechtigheid vast te leggen. En elke keer ben ik onder de indruk. Onder indruk van al die mensen die naar het kruispunt midden in het dorp komen om te luisteren naar de toespraak van altijd verschillende mensen, naar de gedichten van de schoolkinderen, de dorpschool heeft een bijzondere band met het melkbus monument, en naar de muzikale omlijsting van de Lofstem, het plaatselijke muziekkorps.

We zingen het Wilhelmus en ik verdenk sommigen ervan dat ze het zesde couplet speciaal voor de gelegenheid hebben ingestudeerd, want 'Mijn schild ende betrouwen' wordt maar zelden gezongen.



Maar ook het gedragen, maar prachtige 'Abide with me', in het Nederlands bekend als 'Blijf bij mij Heer', past naadloos bij deze plechtige gelegenheid. Sinds een paar jaar wordt het miniconcert afgesloten met het ultieme 'oorlogslied', 'We'll meet again', beroemd gemaakt door Vera Lynn, 'the sweetheart of the forces'. Misschien zou het extra cachet geven als een zangeres uit het dorp het lied zou zingen, die zangeressen zijn er wel. Deze keer was de CdK, Arno Brok naar Sumar gekomen om te ervaren hoe men daar die 'betinking' gestalte geeft. En uiteraard was hij het die de traditionele 'betinkingstaspraak' hield. 'Dressed to the occasion' sprak hij de aanwezigen toe middels een redevoering die de echte professional verried, maar die toch ook doordrenkt was met betrokkenheid, empathie, emotie en medegevoel. Maar het houden van een redevoering is een vak en het was aan Brok te horen dat hij dat vak verstaat. Een paar citaten: "Twa minuten stilte, hoe bysûnder en weardefol dat is hawwe wy krekt meinoar fernommen en dield." Over verbinding:

4 MEI HERDENKING 2022 IN SUMAR *ferfolch* *Binne Kramer*

“Op 4 maaie soargje dy twa minuten foar ferbining, ferbining tusken ús hjir meiinoar oanwêzich yn Sumar, sa at wy hjir binne yn it no. Ferbining mei it ferline, mei de slachtoffers dy’t fallen binne yn de Twadde Wrâldoarloch en harren neibestenden. Ferbining ek mei minsken dy’t middenyn in oarloch sitte, yn Oekraïne bygelyks.



Dat is mear as in striid fan Ruslân tsjin Oekraïne, it is in striid tusken systemen, tusken demokrasy en autokrasj. Dichterbij: “It is bitter konstatearje te moatten dat frijheden ek yn ús lân ûnder druk steane. Anti-demokratyske krêften winne terrein, tolerânsje nimt ôf. Faksisme, rassisme, útsluting en diskriminaasje, it komt foar. Krekt as intimidaasje en geweld om wat je fine of sizze of om wa’t je binne. Ek yn Fryslân! Hoe kin it dat wy net lykje te learen fan it ferline? Monumint De Molkbus. “Dit monumint fertelt it ferhaal fan Freerk Wijma, in moedich man, hy betelle de heechste priis. It is wichtich dat dit ferhaal trochferteld wurdt, it is ûnderdiel fan it kollektive geheugen fan Sumar. It is dêrom moai, en dan sjoch ik nei de jonges en famkes fan de skoalle, dat jimme dizze tinkstien adoptearre ha, dêrmei hâlde jim as nije generaasje it ferhaal libjend.

4 MEI HERDENKING 2022 IN SUMAR *ferfolch* *Binne Kramer*

“Recht en frijheid.” Wy ha frijheid fan mieningsúting, fan parse, fan godstsjinst en in ûnôfhinkelik rjochtssystemeem. Litte wy rjocht en frijheid hoedzje, no en yn de takomst. “



De herdenking was eerder op de avond geopend middels een bijeenkomst in de kerk, waar ds. Marije Hage een toespraak hield met als uitgangspunt het huis waarin ze nu woont in Sumar. Een persoonlijk en sfeervol verhaal dat

naadloos paste bij het karakter en de sfeer van deze avond. Na afloop van de officiële herdenking gingen de genodigden naar Dorpshuis De Kamp, waar Commissaris Brok een kleine, maar interessante tentoonstelling over WO2 opende.



Tekst en foto's Binne Kramer

EXPOSITIE*Ids Krol*

We kijken met een goed gevoel terug op de expositie 'Oarloch en befreijing yn Sumar'. Het was natuurlijk ook wel heel bijzonder dat de commissaris van de Koning als eerste bezoeker naar binnen ging! Na hem volgden nog iets meer dan 200 kijkers.

In het archief van de gemeente hebben we verschillende documenten gevonden, die allemaal betrekking hadden op de oorlogsjaren. Het waren vooral stukken over vorderingen van fietsen, paarden en wagens, maar ook bijvoorbeeld de benoemingsacte van N.S.B. burgemeester Frijling (die ruim een jaar in Sumar heeft gewoond).

Verder stelden dorpsgenoten interessante voorwerpen uit de periode 1940-1945 beschikbaar, zoals bonkaarten en persoonsbewijzen, maar ook het soldatenboekje van Otte Fennema en anti radarsneeuw.

'Topstukken' van de expositie waren toch wel de feestjurk van Antje de Boer en de pet, die Warner Veltman droeg op de feestwagen bij het bevrijdingsfeest.

Ook heel bijzonder waren de verhalen en herinneringen van een aantal bezoekers. Kortom: een geslaagd evenement!



Van proberen kan je leren

Dat is wat ús âldste (5 jier) tsjintwurdich seit. Is er mei thúskaam fan skoalle want hy seit dêr dan meast by dat syn freontsje Kees dat dan ek seit. En at der ien in âldermachtigst minne iter is, is ús soan it wol. Mar syn wurden binne mar wat wier. Want de radyskes binne al op! Ik skreau foarige kear dan wol dat wy se net lekker fine, mar ‘van proberen kan je leren’. Wy diene se op bôle meit tsiis en troch de salade. It lekkerst fûn ik se op in waarme stokbôle mei brie. Heerlik. Al hat Jan Hindrik der gjin bek op setten.

De spinaazje is ek al op rekke. Troch in lekkere pasta mei roomtsiis, sipel en spek smakke ek dat tige bêst. Ik ha hjoed fuortendaliks op’e nij siedde. En dat jout problemen. Want no is myn hiele skema yn de war. Ik hie alles yndield sa as it yn myn boekje stiet, mar spinaazje sit dêr net by. It is oplost troch wat sla en in hoekje snijblommen op te offerjen. Sla ha ik genôch en blommen kist toch net ite.

Mochten jim no tinke, is dy tún no sa grut? It wie dochs mar in fjouwerkante meter? Dat kloppet. Ik ha de bakken opdield yn 16 parten. We kinne dus fuort net sêd mar ha fan alles in bytsje.

De tredde bak haw ik no ek yn gebrûk naam. Ik neam him de ‘Mediterraanske tún’. Dat komt troch de Afrikaantsjes en de tomaten dy al plante binne. Dy beiden hearre je by elkoar te plantsjen. It skynt namentlik dat Afrikaantsjes ieltsjes (aaltjes) ferjeije dy oars mar wat graach op tomaat ôfkomme wolle. Dat is alteast wat myn boekje seit. En ek bygelyks dat je tomaten net op de blêden wetter jaan moatte mar oan de foet fan de plant om sa meeldauw te ferkommen. Je moatte it mar witte.

Fierders ha ik yn de tún siedde: beantsjes, ruccola-sla, giele andyvjje, dille en reade bieten. Yn de kasbakken is it wachtsjen op kropandyvje en blomkoal.

En wis en werachtich, ik ha ek op’e nij radyskes siedde.

Sportvereniging Suameer



F

Follybalfroulju frege

It frouljusfollybalteam fan Sumar is op syk nei entûsjaste froulju om it team te fersterkjen. Troch ferrin fan spylsters is nij talint tige wolkom. Hoechst gjin ûnderfining mei follybal, mar is wol moai meinom. Gesellichheid en sportive ynbring fine de froulju like wichtich. Om út te finen asto it leuk fynst kinst earst sûnder ferplichting meitraine of binnen rinne op 31maaie fan 19.00 oant 20.30 oere yn de sportseal fan Sumar.

De froulju spylje yn de 4e klasse NEVOBO, de kompetysjewedstriden wurde op tongersdeijûn spile.

Tinksto in match te wêzen mei de follybalfroulju fan Sumar, mar wolst earst wat mear ynformaasje? Skilje of app Akke Hiemstra: 06-42553192



Actiegroep FamtoFam heeft binnenkort een mooie veiling op Facebook. Een fantastische rondvlucht van 1 uur boven het mooie Friesland!

Deze rondvlucht wordt aangeboden in samenwerking met Vliegclub Fryslan in Drachten. Bied allemaal mee op de Facebook pagina van FamtoFam_Sumar en grijp deze unieke kans.

Ynwenners Sumar en omstreken,

Tige tank foar alle goede winsken dy't wy foar ús 65ste troudei krije mochten. It wie geweldich!!

Tseard en Tryntsje Hoekstra-Kooistra



